

Wyn fan de wierheid

*'Lit de leafde dyn wierheid wêze.'*

## **Kolofon**

ISBN: 978 90 8954 874 0

1e druk: 2016

© 2016 Hilda Talsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Foto foarkant: Tom Coehoorn

Foto efterkant: Rixt Talsma

Mei spesjale tank oan Martsje de Jong, Harry Amsterdam en Taeke Spinder

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# Wyn fan de wierheid

Hilda Talsma





# 1

Ate sit grimmitich by it helmhout. Johanna observearret him út 'e eachshoeken wei, mar se doart eins net te freegjen wat der is. Se tinkt dat er freeslik baalt fan it nije túch, want dêr hat er al hiel wat op omflokt mar de seilmakker is der no ek by dat hy sil him út goed fatsoen wol ynhâlde dizze kear. 'Hoe sylt se, Ate?' freget se leaflik, mar hy heart har net iens. Se stompt him oan. 'Hoe sylt it?'

'Huh? Eh... kut!'

Hy seach har net iens oan doe't er dizze soarchsum útsochte wurden útspruts en no hat se sels de smoar ek yn. Se rint teloarsteld by him wei en giet foar de roef op 'e lûken sitten. Oer in pear wiken moatte se wer sile mar de oanrin dêr nei ta wurdt hieltyd minder leuk as se ferwachte hie. Ferline jier wiene se sa bliid mei it behelle kampioenskip yn 'e B-klasse en wie it foarútsjoch om yn 'e grutte A te silen wat dat harren dêrnei de rest fan it jier dwaande holden hat. Yn dy klasse sile de bêsten en it komt jûns op 'e tillefyzje. It is de klasse as je net yn 'e SKS sile meie omdat je net út in skippersfamylje komme en de spanning is eins alle jierren oant de lêste dei heech.

Nei de silerij yn de lytse A hawwe se de Alinde ferlingd en in twaddehâns túch oanskaft. Mar as tarieding om yn 'e grutte A te silen hawwe se in kompleet nij túch besteld en is de Alinde fan ûnderen oant boppen ûnder hannen nommen. In nij fervesysteem op it flak, alles op 'e nij skildere en in moaier skûtsje kin se har net te binnen bringe. De Alinde is sa prachtich wurden, se genietet der al fan troch der gewoan nei te sjen, mar dan leaver net mei dy sjegrinige kop fan Ate der by.

Se sile heech oan 'e wyn en geane betiden hiel skean. Der

binne in pear bemanningsleden mei en de fokkenist sjocht ris skodholjend achterom.

‘Johannes!’

‘Wat?!’

‘Kinst efkes stjoere? Ik moat mei Eelke prate, hy is ek net bliid!’

Se komt mei tsjinsin oerein en krijt it helmhout fan him oer. Ate rint oer de fearjende lûken nei foarren en binnen in tel fielt se wêrom’t er sa frustrearre is. Se hat hâlden en kearen om de Alinde op koers te hâlden. As se in fleachje krije skept it gongboard al wetter en sa hurd waait it noch net iens.

Foar har gefoel hat it skûtsje hielendal net de goede balâns en dat wie mei it oare túch net sa. It fielt swier en de gong wol der mar min ynkomme. Se hat der spyt fan dat se sa de smoar op him yn hie, want no begrypt se syn frustraasjes mar al te goed.

De seilmakker rint hinne en wer oer it skip. Hy sjocht omheech nei de seilen en makket notysjes yn in lyts swart boekje.

Ate stiet by de mêst en dikeret ek omheech mei de hân boppe de eagen.

‘Jonges, dit is hielendal kloate, we hâlde der mei op!’ bolderet er yn ’e wyn op.

‘No al?’ freget de seilmakker.

‘Ja, no al! Ik ken myn skûtsje, ik wit hoe’t se sile kin en dit is net sa’t de bedoeling wie doe’t ik de nije seilen bestelde!’ Hy krijt it helmhout fan Johanna oer en sûnder ek noch mar ien wurd te sizzen sile se nei hûs.

Ate lit de fok en it grutseil sakje. Johanna start de motor en se farre de haven by de werf yn dêr’t Roos op ’e kant stiet om it tou oan te krijen. Ate taalt der net nei om de seilen op te tearen en sûnder oandacht oan Roos te jaan strûst er mei in lilke holle by har lâns.

‘Ik wit it net, hear,’ seit Roos wylst se him neisjocht.

‘Wat witst net?’ freget Johanna.

‘Oft it allegear wol goedkomt mei de silerij. As er sa sjegrinich bliuwt dan gean ik leaver mei myn freondinnen nei Mallorca. Wat is der eins mis mei dit túch, neffens my stiet it der hiel moai op.’

‘Ate fynt dat der net genôch twist yn sit by de gaffel,’ seit Johanna. ‘It seil wol dan net moai iepen stean, sadat de wyn net goed fuortkomme kin en de measte wyn sit boppe-yn. De Alinde giet te skean op de mominten dat se gong krije moat.’ Roos suchtet djip. ‘Dit kin noch leuk wurde, dus. Mar ik sil no efkes nei pake en beppe en ik nim de auto fan heit mei. Hy hat sein dat it mocht.’

‘Dochst harren de groeten? En praat mar net oer wat der niis bard is, want dan hinget dyn pake aanst wer oan ’e tillefoan en is Ate noch sjegriniger!’

‘Sil ik dwaan... o ja, ik yt ek net thús, want ik ha ôfpraten mei in freondinne. It kin wolris let wurde dat wachtsje mar net op my.’

Johanna sjocht Roos nei en ynienen falt it har op dat se der oars as oars útsjocht. Te netsjes foar har dwaan want normaal niget Roos wat nei it bohémien hippitypke en no sjocht se derút as giet se nei in sakediner, kompleet mei in jaske en hege hakken ûnder har koarte rokje. Se hat har lange blûne hier meastentiids los of yn in rommelige sturt, mar no hat se it netsjes opstutsen. Johanna wol noch freegje hokker freondinne se niis bedoelde want al har freondinnen wenje yn Amsterdam en omkriten. Mar Roos rint de hoeke fan de loads al om, sadat Johanna mei in nuver gefoel achterbliuwt. Se fielt efkes oft se jild yn ’e bûse hat en fisket der in briefke fan tweintich euro út. Dêr kin se wol in pear boadskippen fan helje.

‘Ik fyts efkes nei de winkel, hear!’ ropt se lûd nei Ate dy’t op ’e steiger stiet te beljen.

Hy weaut koart. Se krijt de fyts en as se ienkear ûnderweis is, fleuret se wer in bytsje op. De wyn yn it hier, greiden mei kij en hynders, minsken dy’t har groetsje... it skûtsjesilen ferdwynt nei de achtergrûn en fluitsjend set se de fyts yn it rek foar de doarpswinkel. De baas sit sels achter de kassa en groetet har freonlik. Se hellet wat fruit en ûnderweis nei de aaien treft se in pear froulju dy’t gibeljend nei har sjogge en se krijt it gefoel dat se oer har rabje. Se ken dizze froulju net en se is der suver wat mei oan. Hastich rint se harren foarby. ‘Dat is har, witst wol... se docht it mei har neef. Soe dat lekkerder wêze?’ flústeret de iene, mar dan wol sa lûd dat se it krekt hearre kin. Se ferstiennet en as in somby rint se nei de aaien. Se krijt gau in doaze en makket dat se fuortkomt. Se hie it wol útraze wollen. ‘IT IS NET SA!’ Ynwindich die se dat ek, mei in serene glim nei de aardige man achter de kassa.

‘Oant sjen, Johanna. Binne jimme klear foar de silerij?’

Se knikt koart. ‘Ja, ik leau it wol.’

‘Doch Ate de groeten! Ik sil jimme folgje!’

‘Sil ik dwaan, doech!’

Se smyt de boadskippen yn ’e fytstas en mei in gong as in kûgel fytst se wer nei de boat.

‘Trutten!’ seit se lûdop. Troch it rabjen fan dy froulju fielt se har ynienen wer like ûnseker as yn it begjin fan harren relaasje. It is stout, it heart net sa, al wit se fansels wol better. Se rint mei de boadskippen nei harren boat dy’t se ‘De Oerwinning’ neamd hawwe. Se betocht dy namme op in jûn en Ate fûn him hiel moai omdat se yndied in soad oerwûn hawwe, mar sa fielt it no net. Dochs wurdt se wat rêstiger as se oer de planke oan board rint en se nimt har foar om tenei



mar nei in gruttere supermerk te gean yn in oar plak dêr't de minsken har net kenne. Sadree't se by de tafel stiet, krimpt se yn elkoar fan de pine yn har búk. Se giet yn 'e hoksen sitten en wriuwt oer de búk oant it oer is. Se hat hieltyd faker in seare búk en dêr is se net gerêst op. Se soe eins wer nedich ris in ûndersyk ha moatte, mar Joost is noch altyd har gynekolooch. Se moat in oar útsykje mar dat wol se leaver ek net. Joost is goed. Hy ken har skiednis mei endometriose en hy is de bêste yn Ljouwert. It idee dat se foar in oar mei de skonken wiid moat, stiet har net oan, sa ienkennich is se dan ek wol wer. Mar om no har broek sakje te litten foar Joost is ek sawat. Sjoen nei har klachten is it wol ferstannich om in ôfspraak te meitsjen. Ate hat wol yn 'e gaten dat it net hielendal goed giet, want earjuster kromp se ynelkoar fan de pine by it oanrjocht en dat seach er. Hy waard wyt om 'e noas fan 'e skrik. Se komt stadich oerein as de pine fuort is en baalt as in stekker. Se hat it jierren ûnder kontrôle hân, mar no is it mis. Dat wit se omdat har búk dikker wurden is en oars fielt as se der op drukt. It frijen docht ek hieltyd faker sear. Se tinkt dat se miskien wol cystes hat en sjocht der tsjinoan om nei Joost te gean, net allinnich om him, mar ek om de útkomst. Dizze pine hat se net earder hân en op har wurk krijt se op 't heden safolle te meitsjen mei kanker dat se bang wurden is dat se it sels ek hat of krijt. Wat dat oanbelanget kin se better mar in ôfspraak meitsje nei de silerij want as it al mis is, hawwe se dat mar hân. Se krijt in brok yn 'e kiel en fjochtet tsjin de triennen en de gefoelens dy't se al in skoftsje hat. Earne tinkt se dat der wat net goed is en dat makket har bang. Se is sa lokkich, mar dat gelok is net basearre op earlikheid. Net nei har mem ta en net nei Joost ta en no hat se it idee dat se derfoar straft wurdt. It is in hiel dom idee, it slacht werklik hielendal nearne op en

as in pasjint sok praat hat, wit se altyd presys hoe't se dat oanpakke moat. It binne eins altyd froulju dy't sa tinke. In hiele soad froulju rinne om mei allegear skuldgefoelens dy't se noait uterje, mar dy't wol eangst en panyk teweibringe. It beheint je yn it folslein oerjaan oan it libben, want: 'wat as.' Dat 'wat as' sit ek achter har oan en se wit út eigen ûnderfining dat har yntuysje meastal goed is. Wat as dat no ek sa is?

Ate is drok yn petear mei de seilmakker. De bêste man hat juster noch west en is der hjoed alwer. Ate wynt him hieltyd mear op, Johanna kin wurdlik ferstean wat er seit.

‘Kin my neat skele, jimme hawwe net goed nei my lústere! Hoe sil dit goedkomme foar de silerij?’ Hy lit de holle hingje en rint by him wei. Dan draait er him om en wiist driigjend nei it mantsje dat him mei grutte eagen skichtich oansjocht.

‘Oppakke mei dy rotsoai en myn jild werom jaan! Ik wit wol wêr’t ik oer praat, ik bin net achterlik. Eat wat der net oan sit, kin ik der net oansile! Ik sil wol om wat oars út, by need set ik it âlde túch derop mar dat ha ’k eins ferkocht. Miskien kin ’k it noch weromdraaie. En no opsoademyterje, fan myn skip ôf!’ Ate springt op ’e wâl en rint nei Johanna ta.

‘Sille we oars hjoed mar efkes wat leuks dwaan mei ús trijen?’ Hy sjocht har balstjurrich oan en se barst yn laitsjen út. Dan moat er sels ek gnize en syn kâlde hurde eagen wurde wer sacht en fleurich.

‘Naai ik my tefolle op? Wat tinkst?’

‘Wat tinkst sels?’

‘Ik tink it al, mar ik kin der gewoan net oer! Kom dyn ôfspraken nei ynstee fan mei sa’n fluttúch oan te kommen!’

‘Hast gelyk, mar ik ha sa gau ek net in oplossing.’ Se leit de hân op syn wang en laket leaf.

‘Ik krij ynienen nocht om dy te naaien,’ seit er. ‘Is dat net romantysk?’

Se skodhollet en rint foar him út nei de boat. Hy knypt har boartlik yn ’e kont.

‘Roos is der, it wurdt neat... heit.’

‘Nee, spitich. Ik freegje my ôf hoe’t stellen mei lytse bern dat hawwe.’

‘Dy hawwe it dreech, ik hear it faak yn ’e praktyk. De romantyk moat tusken de bedriuwen troch, wêrtroch it allegear net sa spannend mear is.’

‘Hast it wol nei dyn sin, hin, op it wurk.’

Se knikt. ‘Hiel bot.’ Har eagen strielje, se hat it echt troffen. Se fielt har der thús en har baas is hiel oars as dokter Heeze. Folle sosjaler en it is sa fijn dat er alternative genêswizen net ôfwiist. De oplieding ortomolekulêre genêskunde komt ek goed ta syn rjocht. Se moat noch in jier, betiden is de kombinaasje wolris wat swier, mar omdat beide sa leuk binne, kin se it oan.

‘Ik bin bliid foar dy, echt wier.’ Hy slacht in earm om har hinne en jout har in tút op it wang.

‘Joehoe! Ate, Johanna!’

Ate draait mei de eagen. ‘Ik ha it net heard, Johannes en ik bin net thús. It lêste dêr’t ik no nocht oan ha, is oan it gekeakel fan de Onnie’s.’

‘Moai is dat, moat ik my der wer mei rêde,’ suchtet se.

Hy draaft by de planke op en dûkt de roef yn. Johanna draait har om en weaut nei har heit en mem dy’t mei Bonnie en Peter oer it terrein fan de werf rinne. It is boufak en rêstich. It is eins wol saai, mar ek wol fredich no’t se sels ek fakânsje hawwe.

De Onnie’s hawwe beide sa’n floers húspak mei glitterstientsjes oan, dy’t it wurd ‘Love Life’ foarmje. Bonnie in swarten en har mem in readen. It is gjin gesicht, twa âlde froulju mei fan dat tinne grize opstutsen hier yn sa’n pak. En se hiene ek better ruilje kinnen fan kleur, want Bonnie wurdt sa bleek as in kalken pop yn it gesicht en Connie liket wol in frikandel. Sy is noch altyd té sinnebankbrún en dat ferraant mei de reade kleur, sadat der hast gjin ûnderskied te sjen is tusken har en it pak. Johanna kin it gnizen amper ynhâlde.

‘Must kieke, hewwe wy nyt moaie pakken an?’ Bonnie draait foar har yn ’e rûnte.

‘Se moai! Swarte markt in Beverwyk. Bist daar wel es weest, Johanna?’ freget Bonnie.

Se skodhollet.

‘Sú dy oek moai staan, se’n pak. It is wel sportyf, fynst oek nyt?’ Connie leit in hân by Johanna op it wang.

‘Bist moëd, pop? Siest wat bleek.’

‘Ik fiel my wol goed, hear. Mar ik wie yndied let op bêd justerjûn. Kofje?’

‘Ja, lekker!’ Bonnie tikket Johanna op it skouder. ‘Is Roos hier oek? Ja toch? Ik hew wat leuks foar har kòcht, must kike!’ Se helleet in ljochtrôze húspak út in wyt plestikpûdsje.

‘Maat S, dat past wel, tòch?’

‘Tink it wol Bonnie en se is yndied oan board.’ Johanna moat stikem gnyskje en is benijd hoe’t Roos reagearje sil op har kadootsje. ‘Hat heit ek wat kocht? In nij treningspak, miskien?’

‘Nee, Peter en ik mochten sjouwe en de dames advys jaan. Dat is goed slagge, want alles dat wy moai fûnen hawwe se net kocht.’

‘Hou dy stil, mafketel!’ Bonnie slacht him mei it plestikpûdsje op ’e kop. ‘We binne hartstikke leuk fut weest met syn allen. Hoe lang is dat wel nyt leden?’

‘Hast gelyk,’ seit Joop. ‘It wie yndied gesellich.’ Hy rint by Johanna lâns de planke op en aait har oer it wang. ‘Mem hat gelyk, bist wat sútrich. Fielstdy echt wol goed?’

‘Ja, heit!’

‘Hoe komt it met de silerij, over twee weken is ut wear sefer. Binne jimme der klaar foar?’

‘Ja, mem. Dat wol sizze dat alles regele is, mar Ate is noch net tefreden oer it túch.’

‘Dat mienst net!’ ropt Peter. ‘Ik wist dat dit barre soe! It túch is net goed makke, dat hie ’k drekt al sjoen.’

Bonnie sjocht him ferheard oan. ‘Hoese, dat haddest drekt al sien. Hestou daar ferstand fan, dan?’

‘Doe’t it túch der foar de earste kear op stie, seach ik fuortendalik dat dy gaffel net goed fuortkomme koe. Ik sei doe tsjin Ate dat er mei dit túch noait by de earste fiif sitte sil. Dat hat te krijen mei de twist en de bolling.’ Peter sjocht triomfantlik om him hinne, mar se sjogge him allegear skeptysk oan.

‘Dou bist un groate swetser, Peter Kamstra. Dat ferhaal hest gewoan hoard fan Ate dus hou nou mar dyn waffel over dy gaffel en sefeul twist sit der oek nyt mear in dyn bolling. Sú de seilmaker daar meskyn oek un oplossing foar wete? Daar sú ik heel gelukkech fan wurde!’ Bonnie triuwt him by de planke op.

‘Wy binne foar de soep en de gehakballen en bemoeie oans ferder nerges met, of nyt Con?’

‘Nyt met ut seilen in ider gefal of se mutte laaste wurde want dan salle we oans der wel met bemoeie, of nyt Bon?’

De Onnie’s âlje it út en Johanna moat der ek om gnize. Wat is it ek in maf stel en as se op’t skik binne, kinst der in soad wille mei ha.

Ate sit by de tafel te beljen en Bonnie wuollet wyld troch syn hier. ‘Waar is Roosje?’

‘Yn it rom, mem.’ Hy makket in ein oan syn petear, want de roef stiet fol famylje te keakeljen.

‘Roosje!’ ropt Bonnie. ‘Kom es by dyn opa en oma, we hewwe wat leukus voor dy metnommen!’

As Roos yn ’e roef stiet, triuwt Bonnie har it pûdsje yn ’e hannen. ‘Pak mar gau út.’

Roos besjocht earst de Onnie’s fan kop ta tean en docht dan

hiel skruten it pûdsje iepen. Se fisket it ljochtrôze floers derút en forsearret in glim op har gesicht. ‘In húspak! Wat leuk... deselde as jimme.’ Se aait oer de stientsjes en Johanna sjocht wol dat se it freeslik fynt.

‘Pas ut anders even, pop. Dan wete we meteen of ut goëd is. Dan kan Peter moai un foto make en dan kan dy op fleesboek. Con sit nou oek op fleesboek dan kenne we dy foto moai dele met mekaar. Se gesellich!’

Se moatte allegear gnize en foaral Ate bulderet it út.

‘Facebook,’ gnysket Peter.

‘Dat sêch ik tòch?’ Bonnie sjocht him mâl oan.

‘Nee, do hast it oer “vlesboek”.’

‘Ut binne allemaal meensen fan flees en bloëd dy daar opstane dus se gek is dat helemaal nyt. En daar komt bij... ik hew der een bij die geregeld foto’s fan harself maakt en dan laat se oek genoeg flees sien. Dat doëne je tòch nyt?’ Bonnie lûkt oan ‘e skouders en giet by de tafel sitten.

‘Wa is dat dan?’ freget Peter nijsgjirrich.

‘Dat gaan ik dy echt nyt fertellen, ouwe fiespeuk! Roosje! Doën dyn oma un plesier en pas dat pak even. Ik denk echt dat it dy se moai staat!’

Roos laket skealik en rint nei de badkeamer. Twa tellen letter komt se werom yn it húspak. Se hat it jaske iepen en in swart himdsje derûnder. Johanna sjocht ferheard nei har styfdochter want it pak stiet har hiel moai. Leaflik, húsluk en ek wol sportyf. De Onnie’s binne gewoan te âld foar sokke klean.

‘Prachtech!’ Bonnie komt oerein en jout Roos trije dikke tuten op it wang. ‘De maat is presys goëd... wat bistou un moaie meid! Echt, ik bin der jaloers op, se moai slank en brún!’

‘En jong,’ gnysket Peter. Bonnie sjocht him mâl oan.

‘Ik fyn it ek hiel moai, Roos.’ Peter docht de tûme omheech en de eagen fan Roos sykje Johanna op.

‘It stiet dy prachtich, echt wier!’

‘En heit?’

‘Ja... it docht my tinken oan de tiid datst noch mar in lyts famke wiest. Doe hiest sa’n sachte piama yn dy kleur. Dan sietst de hiele jûn by my op ’e skoat en moast ik in ferhaaltsje foarlêze.’

Roos liket ferromme nei alle bewûnderjende blikken en se slacht de earms om Bonnie hinne. ‘Tige tank, pake en beppe. Dan hâld ik it ek mar oan, ik ha hjoed in chilldei.’

‘En wat is dat?’ freget Connie.

‘Ik doch hjoed neat bysûnders,’ laket Roos. ‘Bytsje omhingje en chille.’

‘Oh... nou dan hew ik alle dagen een tsjildag want sinds dyn opa Peter hiero met pensjoen is komt my niks mear út ’e hannen en met dat geld fan Hannes is de druk oek wel fan de ketel. Dat leeft fijn!’

‘Ik hat oek dy kleur nimme mutten, meskyn,’ seit Connie.

‘Dat road is tòch wat te hard, fynst oek nyt, Joop?’

‘Minske! Hâld op te eameljen oer dy pakken! We fleane net wer nei Beverwijk en we witte it no wol! Hoe komt it eins mei de kofje?’

‘Dat meitsje ik wol!’ Roos huppelet nei it rom en de oaren sykje in plakje út om ’e tafel yn ’e roef.



### 3

Johanna sjocht tefreden yn it rûn. Se binne sûnt it skûtsjesilen suver in hechte famylje wurden. Se komme wer by elkoar op 'e jierdei en de relaasje mei har heit en mem is goed. It geheim spilet altyd in rol op 'e eftergrûn, mar se hat de sitewaasje sa goed mooglik akseptearre en har net earder echt in dochter field. Dizze heit en mem fiele einlings eigen en Joop is sa fleurich, se is bliid dat se no mei oare eagen nei harren sjen kin. It hat har wol in bepaalde rêst jûn. Bytiden hat se it der noch wolris dreech mei, mar as se dan sa by elkoar sitte, ferdwynt dat gefoel.

Roos jit de kofje yn en dêrnei makket Peter in foto mei syn tillefoan fan har tusken Connie en Bonnie yn.

'Trije blûne dolly's yn in húspak kinst der wol by sette,' seit Peter.

'Daar red ik mij wel met, hoar. Laat es kike?'

Bonnie krijt de tillefoan út syn hannen wei en besjocht de foto. Se glunderet hielendal en lit de foto oan Connie sjen.

'Moai hoar.' Connie knikt goedkarrend. 'Dy kan der wel op.'

Roos moat ek noch efkes sjen en sy giet ek akkoart. 'As beppe my tagd, krij ik him ek.'

Bonnie sjocht har ferheard oan. 'Tekst? Wat brûkst feul moeileke woarden, fandaach.'

'Ja! Ik lit aanst wol efkes sjen hoe't it moat. Ik krij tillefoan, dy sil ik earst efkes opnimme.' Roos helle de tillefoan út 'e bûse en rint nei it rom.

'Wat is ut oek un skat fan un meid, nyt? Ut is se fijn dat se in oans leven komen is, ik fyn ut prachtech om oma te wezen en Peter is un trotse opa.' Bonnie nimt in slokje fan de kofje. 'Eigenlek binne wij oek un soort fan opa en oma foar dat kyn

mar wij hewwe der ferder gyn band met of se,' seit Connie en se sjocht nei Johanna. 'Ut is nou dyn styfdochter dus binne wij de styf opa en oma, tòch?'

Der falt in stilte om 'e tafel. De toan fan Connie makket de sfear ynienen in stik minder gesellich.

'As jimme un band met har opbouwe wille, salle jim wel beter jim best doën mutte. Haddest fandaach oek wat foar har kope kennen mar daar hest nyt aan dòcht. Ik wel, ik foël mij un oma.' Bonnie sjocht triumfantlik nei har suster.

Connie knypt de eagen heal ticht en seit neat werom. Ate komt as de bliksem oerein. 'Ik moat nedich wat dwaan, oant in oare kear. Leuk dat jimme der wiene.'

Johanna sjocht him nidich nei as er samar de roef útrint. No sit se der allinnich mei, want fan Peter en Joop hoecht se toch noait te ferwachtsjen dat se de froulju delbêdzje kinne. Connie pakt de krante, teart him dûbel en slacht Bonnie op 'e holle.

'Dat was un rotopmerking, Bon!'

'Dat deed sear, Con! Hou tòch es op met slaan ast dyn sin nyt krijst!' Bonnie wriuwet oer it hier.

'Ik wil naar hús maar ik gaan nou even niet by dy in 'e auto sitten, Con, dat snapst seker sels oek wel.'

Connie docht de earms oer elkoar en sjocht grimmitich nei Joop. Hy goait de hannen yn 'e loft.

'Ik bin allinnich mar de sjaffeur.'

'Dat serpent rydt dus nyt met teruch. Peter kan wel met mar dy ouwe doas gaat mar lopen.'

'Ik gean net allinnich mei!' seit Peter fûleindich. 'Ik gean wol tegearre mei Joop en dan rinne jimme beide mar werom nei de stêd mei jim bernich gedrach! Moeie ôfsluter fan sa'n gesellige dei, sis!'

'Follek!'

Eltsenien draait de holle nei de doar, dêr't Joost stiet. Johanna hat noch noait sa bliid west om him te sjen, want hy hat lytse Friso mei en dat is it eachappeltsje fan Connie. Har sjegrinige gesicht ljochtet hielendal op as it lytse mantsje nei har ta dribbelet neidat Joost him op 'e grûn setten hat.

'Myn skattebout! Kom mar gau bij tante Connie, jonge!' Se tilt Friso by har op 'e skoat en hy slacht de earmkes om har hinne.

'Is Ate der ek?' freget Joost.

'Ja, mar hjir net. Ik wit net wêr't er sa gau hinne gien is.' Johanna freget har ôf wat er hjir moat. Hy komt noait by harren op besite.

'Ik sykje him wol, tinke jimme efkes om Friso?'

'Natuurlijk!' Connie aait him oer syn sachte blûne hierkes en Joop knypt him boartlik yn it wang. Sûnt er berne is, passe se ien dei yn 'e wike op en dat giet sa bêst as wat.

'Dat is tòch oek un bytsje dyn kleinkyn,' seit Bonnie. 'En jim make syn hele jeugd met, wij kenne Roos nòch mar un paar jaar.'

Connie heart it net iens, se sjongt in ferske foar Friso en hy klapt fleurich yn 'e hantsjes. It is sa'n leaf jonkje, Johanna fynt him ek skattich. Roos past regelmjittich by Joost en Niek op as se hjir is, se hat ek sa'n aardichheid oan lytse Friso en hiel soms nimt se him mei nei de boat. Dat mantsje ferbynt, krekt as it silen. Joost is hingjen bleaun as bemanningslid nei de lytse A, hy sit no by it swurd. Ate is him noch altyd tankber dat er Roos doe rêden hat en omdat Connie tasein hat om in dei op te passen neidat se Joost op 'e holle slein hat yn de tsjerke, binne de bannen net ferbrutsen. It is net sa dat Ate him oanbean hat om op de Alinde te bliuwen, Joost is der sels mei kommen. Hy fûn it silen prachtich en hie sein dat as Ate ris help nedich hie, hy him wol freegje koe. Doe't

ien fan de bemanningsleden de foet yn it gips hie, is Joost by it swurd kommen en dêr sit er noch. Niek is wat ôfstanlik. Se giet net altyd mei as se sile moatte, meastal komt se sa no en dan te sjen en dat is prima. Sa't it no giet, rint net ien in oar yn 't paad, mar wat Joost hjir no moat begrypt se net.

Roos komt de roef wer yn mei in kofferke en se hat har gewoane klean wer oan. Se praat en appt tagelyk. 'Mem hat belle, se hat jûn in útfiering, want de haadrolspiler is siik en sy is de stand-in. Ik moat der fansels al hinne oars is it net bêst. Kin immen my efkes by it stasjon bringe? Ik tink net dat heit my nei Amsterdam bringe wol. Dat hie al better west, want ik bin bang dat ik oars te let kom... hé Friso! Hoe komt hy hjir? Of is Joost der ek?' Se sjocht wer op it skerm. 'Dat tocht ik al, ik rêd it net mei de trein. Kut!'

Se gluorket troch in rútsje en begjint te strieljen as se Joost sjocht. Se bûnzet op it rúten en winkt him útdaagjend mei de wiisfinger. Hy komt wer yn 'e roef.

'Joost, kinsto my net efkes nei Amsterdam bringe? Hast dat oan tiid? Ik kom te let as ik mei de trein gean.'

'Ik ha it wol oan tiid mar ha Friso by my en ik wit net oft hy noch oare plannen hat, hjoed,' laket er.

'Hy fermakket him wol. Friso fynt autoriden leuk en falt grif wol yn 'e sliip. Kinst my bringe, please?'

'Toe dan mar wer.' Joost tilt Friso op en jout him in túten. 'Ik kin Ate net fine, sis mar dat ik him wol belje.'

Johanna fynt de hiele sitewaasje nochal nuver. Roos moat op stel en sprong fuort en hy komt samar oanwaaien en se wit net wêrom. Roos seit harren dach. 'Joust heit in túten foar my, Johanna? Ik belje him hjoed noch wol en kom sa gau mooglik wer, okee?'

Johanna knikt.

'En beppe, noch betanke foar it moaie kado! Oant letter!'